**Stikken**
**1990-1992**

TOANIELFERIENING

"F U O R T   M A R   L O S"

spilet jûn foar jimme it blyspul

"I N   M E R C E D E S   M E I   T R E K H E A K"
(yn trije bedriuwen)

| | |
|---|---|
| Spullieder | : S. Fopma |
| Ynstekster | : fr. Joustra |
| Grime | : N. Schaap |
| Lûd/ljocht | : N. Schuijff |
| Toanielmasters | : S. Feenstra |
| | Tj. Okkema |
| | G. Zijlstra |
| Oanklaaiing | : De Wrede fan'e Jouwer |

* Hâns Dijkstra : Fedde Wiersma
* Anneke Dijkstra : Rigt Bergsma
* Wolter Boersma : Theo Jelsma
* Herma Boersma : Lies Sandstra
* Jurjen Wytsma : Bauke Overal
* Geke Wytsma : Nanny Orsel
* Mieke } ferpleechsters : Fokje van Veen
* Fetsje } ferpleechsters : Geeske Bouwsma

| | |
|---|---|
| Hâns | : Al dy lêsmemmen |
| Anneke | : Jo binnen in B.B.B. |
| Wolter | : Ik moat ynbarre |
| Herma | : Time is money |
| Jurjen | : Ja mem, nee mem, werom mem |
| Geke | : Mar do dochst dêr net oan mei, no jurjen |
| Mieke | : Kom op, wy kinne it sûnder manlju ek wol ôf |
| Fetsje | : Der moat spuite wurde |



kom
nei
kafé
Bergsma
fedde wiersma
rigt bergsma
baule overal
nanny orsel
nynke schaap
theo jelsma
Lies Sandstra
fokje v/d veen
geeske bou
fr. joustra
simen fopma
nelis schuiff
kom
kom
kom
kom
kom
kom
kom
kom
kom
kom
kom
jongerein:
freed 26 jan.
19.30 oere
band: I.O.U.
oan't en mei 12 jier f 2,50
13 jier en âlder f 5,-
sneon 27 jan
20.00 oere
muzyk: sound express
f 7.50
toanielselskip fuort mar los easterein
mei
it blijspul
in mercedes mei trekheak

Bolswarder Nieuwsblad *
24-1-90.

# „Fuort mar los" Oosterend voert blijspel op

Oosterend. Op vrijdag 26 januari en zaterdag 27 januari houdt de toneelvereniging „Fuort mar los" uit Oosterend haar jaarlijkse uitvoering. Zij zullen het blijspel „In Mercedes mei trekheak", geschreven door B. Stienstra naar voren brengen. Vrijdag 26 januari is bedeeld voor de „jongerein". Deze avond wordt omlijst door live muziek. De entree bedraagt *f* 2,50 voor kinderen tot 12 jaar en *f* 5,- voor 13 jaar en ouder. Het begint om 19.30 uur. Op zaterdag 27 januari voeren zij hetzelfde stuk weer op. De entree bedraagt dan *f* 7,50 en dan begint het om 20.00 uur. Beide avonden vinden plaats in het café Bergsma te Oosterend.

**Easterein** wol graach foar jim spylje „Mercedes mei trekheak". Til. 05159-1801.

10-2-90 LC.

Leeuwarder Krant "Út in Fryslân"

26, 27 **OOSTEREND - Café Bergsma** Toneelver. Fuort Mar Los: In Mercedes mei trekheak; vr. (voor de jeugd) 19.30 en za. 20 u.

"de Skille"
24-1-90.

Toanielferiening

## "Fuort mar los"

te Easterein spilet it blijspul

## In Mercedes mei trekheak

yn kafee Bergsma te Easterein
op freed 26 jann. om 19.30 oere
foar bern en jongelju fan 13 jier ôf.
Muzyk: **Band I.O.U.**
Tagong bern *f* 2,50
13 jier en âlder *f* 5,—

En op sneon 27 jannewaris foar de grutten.
Dan begjint it om 20.00 oere.
Muzyk: **Sound Express.**
Tagong *f* 7,50.


toaniel feriening
"fuort mar los"
spilet
foar de jongerein
freed
15 febr.
7 oere
sneon
16 febr.
8 oere
dûnsjen net
mei it
moonlight
trio
It moat fan dokter
.... f100, f100, f100, f100, f100

~~bewis~~ fan frije tagong

[signature]

Ynformaasje:
A.Th. Zijlstra
05159-1801

*TOANIELSELSKIP*

# *"FUORT MAR LOS"*

## *EASTEREIN*

## *"IT MOAT FAN DOKTER"*

Fan Kurtz Gordon
yn fryske bewurking fan B. Westra
Kluchtich spul yn trije bedriuwen

<u>Persoanen</u>:

| | | |
|---|---|---|
| Letty Weldam | | Fokje Van Veen |
| Anita Welam | har suster | Nanny Orsel |
| Koba Noorsma | har húshâldster | Rigt Bergsma |
| Alke Weldam | har neef/direkteur | Bauke Overal |
| Tani Weldam | Alke's dochter | Hinke Kuiper |
| Rita Norris | syn sikretaresse | Taekje Kuiper |
| Janko Jachtbos | bedriuwslieder | Rienk v/d Valk |
| Steven Hartman | jonge advocaat | Kees Witteveen |
| Dr. Reinolds | senuwspesialist | Yme v/d Valk |
| Resjersjeur | | Guus Zijlstra |
| | | |
| Ynstekster | | Corry Dijkstra |
| Spullieder | | Wigle Ruiter |
| Grime | | Nynke Schaap |
| Ljocht/lûd | | Nelis Schuijff |

## *"IT MOAT FAN DOKTER"*

De susters Letty en Anita Weldam binne wolstelde âldfammen en oandielhâldsters fan de Weldam-magazinen, in greate saak der't fan alles te keap is. Op in freedtemiddei docht bliken dat der jild út de saak stellen is. Letty is (hjirtroch) alhiel oerémus en op oanstean fan har famylje hat sy in konsult frege by de nije psychiater, dokter Jordaan. Hy hat har om samar te sizzen útelkoar draaid en wer ynelkoar set. En alles wat har no te dwaan stiet is gewoan tajaan oan elke ynjowing en elke opstiging ............

Mar wa is no de dieder fan it stellen jild? Der binne hiel wat persoanen dy't fertocht wurde kinne, is it bygelyks Letty sels, of har suster Anita of faaks Alke, harren neef en direkteur fan de N.V.? Fansels kinne jo ek Rita, de sikretaresse fertinke en Janko de bidriuwslieder............

Yn elts gefal komme wy, troch Letty har dwaan en litten en faak brike setten, oan it ein fan it stik hjiroer mear te witten.

Bolswarder Nieuwsblad.
20-2-'91

# „Fuort mar los" gjin boppeslach

**Easterein. Der binne fan de omtrint 130 oanwêzigen, sneontejûn grif net folle minsken mei stiive kaakspieren thúskaam. It toanielselskip „Fuort mar los" út Easterein koe soks net foar inaor krije. Likemin as de lakers krigen de minsken dy't kommen wiene foar in noflike jûn harren gerak net.**

It toanielstik „It moat fan dokter" fan Kurtz Gordon, is yn it Frysk oerset troch B. Westra. It hiet in kluchtich spul te wêzen yn trije bedriuwen. Hoewol 't de spilers har bêst tige diene, siet der yn ôfgryslik bytsje faasje yn it hiele stik. Boppedat wie it briefke mei de útliz mear as nedich om it ferhaal, de situaasjes en de persoanen út inaor te hâlden. Dat soks frijwat ynspanning fan it publiek ferget, is te begrypen, mar jowt tagelyk de ûntspanning net folle kâns.

Letty hold troch har dwaan en litten noch wat gong yn'e saak, mar koe allinne dertroch de hannen yn'e seal ek al net enthousiast op inoar krije. Doe't Rita it tepakken krige wiene der wer guon minsken dy't rjochtop sitten gyngen, mar der bleau it ek sawat by. Foar winterjûne nocht foel it stik letterlik en figuurlik gear mei de ynset fan taaiwaar.

In klucht sil foar it publyk in oare kear mear te laitsjen jaan moatte, oars sil de no noch moaifolle seal tenei grif leger reitsje. Dit lêste soe tige spitich wêze foar de altyd warbere en enthousiaste toanielploech út Easterein. De musyk nei ôfrin soarge der foar dat in part fan it gearkommen folk it noflike noch útsmarde oan't nei tolven.

**EAREKLASSE:** Snitser Frysk Toaniel ('Ja poes. . ., nee poes'), 231 punten, 2e priis; Meiïnoar Ien, Drachten ('Durk sjit mei spek'), 214 pnt., 3e pr.; It Huzumer Toaniel, Ljouwert ('Yn 'e hobbel'), 229 pnt., 2e pr. (bûten kriichferbân); Vriendenkring, Jelsum-Koarnjum-Britsum ('Snipperdei'), 225 pnt., 2e pr.; Rederikerskeamer Halbertsma, Stiens ('Takomm' jier, selde tiid'), 236 pnt., 1e pr.; Rjucht en Sljucht, De Tynje ('Kampslach'), 221 pnt., 3e pr. (bûten kriichferbân), Kritetoaniel Beetstersweach ('Skjin skip foar Foekje'), 221 pnt., 3e pr. (bûten kriichferbân); MRV Tesselschade, Hurdegaryp ('Fjouwerspan'), 251 pnt., 1e pr.; Kritetoaniel Bûtenpost ('Ut'), 233 pnt., 2e pr. (bûten kriichferbân); Kritetoaniel Grou ('It atelier'), 247 pnt., 1e pr.; Stifting Toanielselskip Sint Nyk ('Moard op fersyk'), 220 pnt., 3e pr.; Snitser Frysk Toaniel ('Dûbel ferhierd'), 221 pnt., 3e pr. (bûten kriichferbân); Kritetoaniel Bûtenpost ('Grutte bern'), 233 pnt., 2e pr.; It Huzumer Toaniel, Ljouwert ('In lang wykein'), 250 pnt., 1e pr.; Rederikerskeamer Halbertsma, Stiens ('Moard op fersyk'), 217 pnt., 3e pr. (bûten kriichferbân); Rjucht en Sljucht, De Tynje ('As it bloed mar blau is'), 225 pnt., 2e pr.; Kritetoaniel Beetstersweach ('Polly Perkins'), 224 pnt., 2e pr.

**KLASSE BY UTSTEK:** Nocht en Wille, Oranjewâld ('Snoepy haaibaai'), 212 pnt., 3e pr. (bûten kriichferbân); Op 'e Nij Bigoun, Aldegea Sm. ('Durk sjit mei spek'), 204 pnt., 3e pr.; Halbertsma, Wergea ('Jierdeifeest?'), 198 pnt., 3e pr.; Freonskip, Vegelinsoard ('Âld Boartersguod'), 195 pnt., 3e pr.; Meiïnoar Ien. Drachtster Kompenije ('In keardel út ien stik'), 227 pnt., 1e pr.; Doarpskrite Makkum ('Om it libben fan Lyfke'), 228 pnt., 1e pr.; Lyts Mar Krigel, Wytgaard ('In skûle yn 'e nacht'), 223 pnt., 2e pr.; Surprise, Wytmarsum ('Gjin bleat yn Easterslesat'), 219 pnt., 2e pr.; 't Is sa't falt, Ysbrechtum ('Albedil'), 217 pnt., 2e pr.; Jounswille, Stiensgea ('In lang wykein'), 237 pnt., 1e pr.; Nij Bigjin, Nijegea ('Net te beteljen sa'n leadjitter'), 227 pnt., 1e pr.; Kliuwend Omheech, Nijbeets ('Om it libben fan Lyfke'), 223 pnt., 2e pr.; Kritetoaniel Aldeboarn ('In lang wykein'), 233 pnt., 1e pr.; Vriendenkring, Feanwâlden ('Hands Up'), 222 pnt., 2e pr.; De Wâldploech, Waskemar ('Skjin skip foar Foekje'), 217 pnt., 2e pr.; Violeria, De Pein ('En alles wat winsklik is'), 222 pnt., 2e pr.; Us Nocht, Drachten ('Liichbist'), 239 pnt., 1e pr.; Fryske Krite I, De Jouwer ('Bytiden is it te let'), 217 pnt., 2e pr.; Toanielselskip De Rottefalle ('In nacht wie genôch'), 232 pnt., 1e pr.; Nocht en Wille, Oranjewâld ('Flinters binne frij'), 233 pnt., 1e pr.

**TREDDE KLASSE:** Op triljende skonken, Easthim ('Reboelje op Rispingestate'), 195 pnt., 1e pr.; De Vriendenkring, Lúkswâld ('Net te beteljen sa'n leadjitter'), 207 pnt., 1e pr.; Nij Libben, Burchwert ('It halsketting'), 204 pnt., 1e pr.; De Lytse Mienskip, Ousterhaule ('Net te beteljen sa'n leadjitter'), 210 pnt., 1e pr.; Wouterke, Doanjum ('Sa mar even'), 193 pnt., 2e pr.; Fuort mar los, Easterein ('It moat fan dokter'), 202 pnt., 1e pr.; Nocht en Wille, Dearsum ('Snie yn augustus'), 208 pnt., 1e pr.

**Zie voor meer cultureel nieuws pagina 8.**

L.C 15-4-'91.

# Toaniel feriening

# „Fuort mar los" Easterein

spilet foar jimme:

## yn Seal Bergsma

## Easterein.

# „Foar in frou op'e rin"

blyspul yn trye bedriuwen

fan Bernard Bruinhof

fryske oersetting:
Alle Geart Hof

Musyk: de Siro's



freed 21 februari 1992
bern yntree oant 16 jier 2,50
fanôf 16 jier 5,00
19 ûre

sneon 22 februari 1992
yntree 7,50
20 ûre

1992

# "FOAR IN FROU OP'E RIN"

Blijspul fan Bernard Bruinhof

(Oorspronkelike titel "Het zal je gast maar wezen")

Ferfryske troch A.G. Hof

Willem Brander is in frijfeint, dy't in doarpshoteltsje driuwt. Hy hat as gasten: in keunstskilder en in kreaze jongfaam. As it stik begjint komme der as gasten oan: heit, mem en dochter Pfaff, trije tige aparte tipen. Justjes letter komt der yn panyk in jongfeint ynstowen, dy't seit dat er troch in frommes efternei sitten wurd. Brander biedt him oan by him ûnder te dûken en foar de wissichheid syn úterlik sa te feroarjen dat er op in omkesizzer fan him liket. Men kriget mei persoansferwikseling te meitsjen en dêrtroch barre der safolle wederwaardichheden dat it súver hast net beskreaun wurde kin.
Oft alles komt sa as men ferwachtsje mei? Dy fraach hâld oan'e ein ta de spanning fêst.

Rolferdieling:

| | |
|---|---|
| Willem Brouwer | - Cees Witteveen |
| Ernst Sirtema | - Berend Santema |
| Piuwe Wymenga | - Berend Santema |
| Wyp fan Foeken | - Taekje Kuiper |
| Marchje Fokkema | - Sietske Gerlofsma |
| Fedde Pfaff | - Guus Zijlstra |
| Ymk Pfaff | - Corry Dijkstra |
| Brechtsje Pfaff | - Nannie Orsel |
| Betse Schoustra | - Tjerk Okkema |
| Keke Rypstra | - Rigt Bergsma |
| | |
| Spullieder | - Bauke Overal |
| Ynstekster | - Frou Joustra |
| Lûd en ljocht | - Nelis Schuijff |
| Grime | - Nanda Harkema |
| Omballingen | - Rienk v.d. Valk |

Toanielselskip "Fuort mar los", Easterein

Foar ynljochtings till. 05159 - 1801

## TROUWE

**Dan yn styl by kafee Bergsma!**
**Ien fan 'e moaiste gelegenheden yn wide omkriten**

***Kafé Restaurant***

# BERGSMA

***Sliterij - Sealferhier***



EASTEREIN - Tel. (05159) 1290

**AGINDA**

*22 febr. Toanielútfiering*
*„Foar in frou op 'e rin"*
*29 febr. Jen Rog*
*14 maart Pink petty coat*
*18 april Friends*

"Skille" 20-2

# 'Foar in frou op 'e rin'

**EASTEREIN - Hotel „De Jachtweide" is it plak wêr it alderferskuorrendst útnaaie sil mei it toanielselsskip 'Fuot mar los'. In ienfâldige mar tûke hotelhâlder kriget fan allerhande gasten op besite en hat de hannen dêr mear as fol mei want der komt in stive amtner, in rike jongfeint, in keunstskilder en sels in frommeske dy har al yn de 21e ieu waant.**

Al moannenis regisseur Bouke Overal dwaande om de spiler op tiid klear te krijen foar de première en omdat it in blîdspul is wurd der sels al ûnder de reptisjes lake. Kees, Berend, Taekje, Sietske, Guus, Corry, Nanny, Tjerk en Rigt steane op 22 febrewaris om acht oere foar jimme klear yn Kafee Bergsma en hja begjinne net earder as dat de hiele seal fol sit. Nei ôfrin fansels tiid om efkes te dûnsien.

"Sneker Nieuwsblad" en de "Skille" 20-2.

21, 22 **DRACHTEN** - de Lawei Us Nocht: Gouden Dagen; 20 u.
**OOSTEREND** - zaal Bergsma Toneelver. Fuort Mar Los: Foar 'n frou op 'e rin; vr. 19 u., za. 20 u.

L.C. uit in Friesland.